

**[0431] It foarheaksel *to-* by tiidwurden**

Yn it Westerlauwersk Frysk kin men by in diel tiidwurden noch altyd it nijsgjirrige, ûnskiedbere praefix *to-* [tə] oantrefte. Verba dy't hjirmei foarme wurde hawwe almeast de sin fan: stikken meitsje of forneatigje troch middel fan de wurking, dy't it gronwurd útdrukt. In wurd as *tobrekke* wol dan itselde sizze as 'stikken brekke'.

As men oan 'e hân fan wurdboeken en grammatika's it taelgebiet fan Nederlân ris oereaget, dan blykt yn ús tael dit foarheaksel noch it bêst biwarre to wêzen. Of moat men sizze: it stadichst op syn retour? Yn 'e sprutsen tael sa goed as yn 'e literatuer fan dizze ieu kin men it sa út en troch obstrevarje, al sil men it by âldere hjoeddeiske fryskpratere en -skriuwers langer faker tsjinkomme as by jongere. Dochs soe it in minskegriis wêze as dit pregnante taelemint fordwine en bilies jaen moast foar mear omskriuwendes ramplesanten. It soe de ekspressivens en de yntensiteit fan it Frysk taelgebrûk forfêst net to'n goeden dije.

Hwat syn produktivens oangiet set P. Sipma yn 1949 dit foarheaksel noch op ien streek mei syn maten *bi-*, *for-* en *ûnt-*<sup>1</sup>. Jowt men acht op it tal oerlevere foarmen fan nei 1800, dan skynt dizze skriuwer gjin ûngelyk to hawwen. It *Friesch Woordenboek dl. 3* (1911) fan Waling Dykstra registrearret net minder as 77 verba mei dizze prefigearing en it *Frysk Wurdboek dl. 1* (1956) komt, mei weilitting fan 8 dy't wol by Dykstra foarkomme, dochs noch op 4 mear. Mar is it foarheaksel ek produktyf yn dy sin dat it yn steat is spontane, analoge (nij)foarmingen yn it libben to roppen? Alhiel ûnmooglik is dat by uzes net, al hinget it fansels tige fan de taelmacht en it taelbisit fan de prater of skriuwer ôf. Wol moat hjir by, dat *to-* as wurdfoarmer noait ta de muorbrekkers biheard hat en it dúdlikerwize, doe en nou, lang net bisette kin tsjin syn kollega's *bi-* en *for-*, dy't safolle greater funksjeforskaet sjen litte. It soe lykwols foarbarich wêze en lied nou al it dealet oer dit praefix. Net mâlde lang lyn hearde ik noch in Fries sizzen: 'Dy âld beam is hielendal *tokankere*', in foarm dy't noch yn gjin wurdboek to finen is. Likemin is dat it gefal mei hwat de Fryske bibeloersetting fan 1943 by Psalm 129:3a jowt: 'Ploegers hawwe my de rêch *toploege*'. Sa treft men yn *Frysk Wurdboek I* it lemma *toljedderje* oan mei de omskriuwing: 'stuk gaan doordat er ladders in komen (van kousen)'.

Komôf, sprieding en forrin fan dit praefix binne aparternôch om efkes by stil to stean. It skaeit út in hiel oar laech as it wól selsstannich foarkommende *to* dat wy as bywurd en forhâldingswurd kenne. De etymologen bringe it yn forbân mei Goatysk *twis-* en mei de stam fan it hjoeddeiske telwurd *twa*. De bitsjutting hat him ûntjown de kant út fan

'oan twaën, midstwa, midstroch, stikken, fyn, útinoar-' Der skimeret dus op syn minst altyd hwat fan in gronbitsjutting 'skiede' yn troch. Der is fierders gronbisibbens mei it Latynske *dis*-<sup>2</sup>.

Hwat de sprieding oangiet oppenearret it foarheaksel him prinsepeal yn Westgermaenske dialekten. Mar yn 'e hjoeddeiske idiomem fan dy taelstaech is it lang net altyd yn 'e folle blâns bleaun. Wylst it Angelsaksysk it as *to-* yn b.g. *to-beran*, *to-berstan* en yn noch sa'n foech 50 verba oerlevere hat en it Middelingelsk it kend hat yn b.g. *tobeatan*, *tobiten* en noch in lytse 100 oare tiidwurden mear, hat it tsjintwurdige Ingelsk it praefix op in inkeld reliket nei weitôge<sup>3</sup>.

Yn it Dútske taelaréael wiist dat gâns oars. Under sterke ynfloed foaral fan de miene skriuwtael hat it foarheaksel as *zer-* yn it Nijheechdútsk swiden opgong makke. De einkonsonant *r* is dêrby sekondair. Aldere taelstadia kenne it û.o. as *ze-* en sa wurdt it yn guon Dútske dialekten noch altyd réalisearre, al binne der ek tongslaggen, dêr't it alfolle troch syn konkurrint *ver-* (dy't deselde funksje hawwe kin) of troch forfanging mei *entzwei-* of *auseinander-* fan 'e wacht reage is. Dy greate opgong fan *zer-* yn it Nijheechdútsk bringt mei dat it him dêryn, bihalven oan hûnderten transitive en yntransitive inkelfâldige verba lyk as *zerstören*, *zersprengen*, *zertrennen*, *zerlesen*, *zersingen*, *zertanzen*, ek hechtet oan refleksiven lyk as *sich zerängstigen*, *sich zermartern*, *sich zersorgen* en sels, al is it sporadysk, oan substantiven en adjektiven lyk as *Zerfall*, *Zerstörung*, *Zergliederer*; *zerbrechlich*<sup>4</sup>.

Lyk as yn it Middeliechdútsk komt ús praefix ek yn it Middelnederlânsk as *te-* moai frekwint foar, b.g. yn *tebitten*, *teboren*, *tebreken*, *teriten*. It wurdboek fan Verwijs-Verdam seit derfan: 'De beteekenis is meestal in *tweeën*, *uiteen*, ... doch herhaaldelijk komt *te-* overeen met *ver-*, nu en dan ook met een ander voorvoegsel b.v. met "op" in *teblasen*, *teswellen*'<sup>5</sup>. Dit mânske standertwurk jowt net minder as 69 fan dizze mei *te-* prefigearre verba. Yn 'e 17e ieu is it praefix lykwols yn 'e algemiene skriuwtael fan Nederlân al frijhwat to'n útkerken rekke. It *WNT* kin út dat iere tiidrek noch mar trije specimina jaen, t.w. *tekappen*, *terijten*, *tesplitsen* en seit der fierders fan: '... thans kent de algemeene taal ze niet meer, behalve dat er misschien een rest van te zien is in *te barsten*'<sup>6</sup>.

Dit hoecht fansels noch net to bitsjuten dat de wals fan it 'algemeen beschaafd' it foarheaksel ek yn 'e Nederlânske folkstongslaggen fynknypt hat. Dochs hâldt de risping dy't út de wurdboeken gear to fandeljen is net oer. Yn syn *Twents-Achterhoeks Woordenboek* (1948) makket G.H. Wanink mar fan trije gewach, ntl. *tebassen*, *tebieten*, *tebrekken*. Hy jowt der dizze foarbyldsinnen by: 'A'j d'n kachel te hard stokt *tebast* e nog; Ik kan dat toa vlès nêet *tebieten*; Loatt de schöttele nêet *tebrekken*'<sup>7</sup>. In krom goederjowsker kin K. ter Laan wêze yn syn wurdboek

fan it Grinslânsk (1952). Hy foarnijt jin dat it verbaelpraefix *te-* yn Grinslân allinne mar mear yn it Westerkertier foarkomt en merkt op: 'Op 't H(oge)l(and) sterk verouderend; elders nooit meer'. Hy dielt fierders mei dat yn 'e praktyk it part. perf. dominearret en jowt as foarbylden: *tebeten, teborsten, tebroken, tehakt, tejacht, telopen, teròpt, tescheurd, tesneden, tespalterd, tetraptd*. Soms komme ek oare finite foarmen foar: 'Hai *tesnidt* de haile rommel; De stam van e boom *tekankerde*'<sup>8</sup>.

Hoe leit it der nou hinne op eigen hiem? Sa't to forwachtsjen is, wie it praefix as *to-* (ek *te-* en *ti-*) yn it Aldfrysk al warber. It bistean en de aparte funksje dêrfan wiene de Dútsker Von Richthofen fansels net ûntkommen. Yn syn wurdboek út 1840 jowt er ûnder de lemmata *to, te, ti* (zer) de folgjende 16 verba fan dit type: *tobreka, todela, todelva, todiupa, todriva, tofiuchta, tohakkia, tohawa, tokerva, torenda, tosla, tosnitha, tosplita, tosteta, tostera, towerpa*<sup>9</sup>. In opneaming, dy't Holthausen yn 1925 sa genoechsum yntegrael oernimt<sup>10</sup>. It seit himsels dat yn it Middelfrysk it foarheaksel ek net ûnbikend wie. By Gysbert Japicx binammen komme in aerdich poarsje tiidwurden fan dit slach foar, sawol yn 'e ynfinityf as yn bûgde foarm, mar by de lêsten oerhearsket it part. perf. De dichter markearret dizze ôflieding sels troch tusken foarheaksel en grounwurd in dielstreek to pleatsen. It binne: *to-brecke* (ynf. + pp.), *to-briezjelje* (pp.), *to-buwckje* (prt. sg.), *to-marttelje* (pp.), *to-ploaytsje* (pp.), *to-ra(e)ne* (pres. sg.), *to-rottje*, (pp.), *to-traepje* (inf. + pp.)<sup>11</sup>.

Yn syn wurdboek op Gysbert Japicx (1824) hat Epkema de aparte funksje fan dit *to-* ek opmurken en sjocht ek analooch forbân mei Mnl. *te-*. De hjirboppe neamde foarbylden hat er registrearre, mar it etymologysk komôf hat him blykber neat to klear west, hwant hy nimt se, al is it wol as apart skift, ûnder itselde lemma op as adv. en prep. *to*. Hy slacht it praefix sûnder mear lyk mei it Nederlânske *ver-*, hwat al min troch de mesken kin<sup>12</sup>. Fóár him wie Wassenbergh it gebrûk fan dit wurddieltsje yn it Frysk fan eigen tiid ek al opfallen. Yn syn *Taalkundige Bijdragen* fan 1802 makket er der op dizze wize gewach fan: 'Nog merkt men bij de Friezen een zeldzaam gebruik op van het Woorddeeltje TE, in Spreekwijzen, waarbij een geheel *Bederf*, of *Vernieling* wordt aangeduid. Wen men (b.voorb.,) zegt: "Hij heeft zijn voet al heel *te brand*." Mijn pen is al heel *te sneeden*. "Zo ook: 't is al heel *te loopen*; - *te raand*; - *te brooken*'<sup>13</sup>.

Hwannear't J.H. Halbertsma sa'n heale ieu letter (1851) syn kommentaer op Jacob van Maerlants *Spiegel Historiae* útjowt, dan lit er net nei om n.o.f. Mnl. *te vël* moai wiidweidich yn to gean op it forskynsel yn it Frysk. Hy skriuwt û.o.: '*Te* heeft de eigenaardige kracht, om het voorwerp, waar de werking eens verbums op gerigt wordt, door die werking geheel te doen innemen en als 't ware te verzwelgen.' Hy nimt de gelegenheit waer om ek hjir bisib-

bens tusken Angelsaksysk en Frysk út ôf to nimmen. Fierders is er it net iens mei 'de groote Grimm' dat by Goatysk *dis-* earst tocht wurde moat oan de gronbitsjutting 'sonderung, trennung', it 'von ein ander rissen' en dan pas oan 'bewältigung' ('bemagtiging'). Hwat by Grimm útsûndering is, achtet Halbertsma regel to wêzen en oarsom. Oer in mooglik etymologysk forbân mei it Goatysk *twis-* en mei it telwurd *twa* wurdt hjir mei gjin wurd rept<sup>14</sup>.

Ek yn Halbertsma's posthúm forskynd *Lexicon Frisicum* (1872) dûkt ús praefix in kearmannich op. Yn kolom 976 foroaret de skriuwer de stavering *to-* yn *te-*, grif om it ûnderskie tusken adv. en prep. oan de iene en it praefix oan de oare kant better oan to jaen. Oer de funksje fan it lêste seit er in loco: 'In *te* est vis depravandi. Sa fine wy: *tobarne*, *tobrekke*, *toroffele*, (kol. 88); *tobatte* (-*batse*), *tojagge* (kol. 192); *todolle* (kol. 706), *tefalle*, *testjitte*, *temealle*, *teride*, *tescrine* (kol. 976)<sup>15</sup>. As yn 1889 fan mr. Ph. van Blom in grammatika fan it Nijfrysk it ljocht sjocht, dan makket de skriuwer goed hwat G. Colmjon yn syn spraakkunst fan 1863<sup>16</sup> forsomme hat: oandacht jaen oan verbale ôfliedingen, dêr't ek it praefix *to-* by to praet komt. Hy seit der it folgjende fan: 'Het voorvoegsel *to* heeft, evenals het Duitsche *zer*, de eigenaardige kracht, om de vernietiging te kennen te geven van het voorwerp, waarop de werking van het werkwoord gericht is'. Hy jowt dan in rige fan 18 verba, dy't (op *toknetsje* nei) letter ek yn it wurdboek fan Waling Dykstra forskine<sup>17</sup>. Lyk as sein komme yn dl. 3 fan dit earste 'folsleine' wurdboek fan it Nijfrysk de mei *to-* prefigearre tiidwurden yn in tal fan 77 foar. Mei in forwizing nei it *Lexicon* fan Halbertsma en de *Spraakkunst* fan Van Blom wurdt der in apart artikeltsje oan wijd: '*to*, onscheidbaar voorvoegsel van verschillende werkwoorden, ter versterking van de hoofdbeteekenis, en ter aanduiding van de nadeelige uitwerking daarvan, (H.D. *zer*)...'<sup>18</sup>. It sil gjin kwea meije en set se hjir ris yn 'e rige: *tobargje*, *tobarne*, *tobatsje* (-*batte*), *tobite*, *toboarje*, *toboarste*, *tobrekke*, *tobringe*, *tobrizelje*, *tobroazelje* *todriuwe*, (-*brosselje*), *tobûgje*, *tobûkje* (-*bûtse*), *todolle*, *todriuwe*, *tofykje*, *tofleane*, *tofodzje*, *tofrette*, *tognauwe*, *togniedzje* (-*gnierdzje*, -*gnjidzje*), *toggrave*, *togrieme*, *togruzelje* (-*grúzje*), *tohaffelje*, *tohakje*, *tohakselje*, *tohavenje*, *tokapje* (-*kappe*), *tokerve* (-*kervje*), *toklauwe*, *toklopje*, *toknetterje*, *toknieze*, *toknipe*, *toknippe*, *toknoeije*, *toknûkelje* (-*knûkje*), *tokôgje* (-*koaije*), *tokrasse* (-*krasje*), *tomeale* (-*mealle*), *tomoarselje*, *tomosterje*, *topeiije*, *topikke*, *topletterje*, *toploaitsje* (-*plôkje*), *topriemje*, *torane*, *toreine*, *toridzje* (s.v. *ridzje*), *torinne*, *torippe* (s.v. *rippe*), *toropje* (-*roppe*), *toròtsje*, *tosinge*, *tositte*, *toskoerre*, *toskraebje*, *toskramme* (s.v. *skramme*), *toskrasse*, *toskrieme*, *toskroeije*, *toskromfelje*, *toslaen*, *toslope* (-*sloopje*), *tosnije*, *tosplinterje*, *tosplitte*, *tostekke*, *tostjitte*, *tostompe* (-*stompje*), *totraepje*, *totriuwe*, *towâdzje*, *towaeije*, *towriuwe*, *towrotte*.

Yn syn *Phonology and Grammar* út 1913 makket P. Sipma fan dizze ôfliedingen mar justjes melding. Under it haedstik *Composition and Derivation* neamt er allinne *tobrekke toskoerre, tobite, toknieze*, mar jowt de funksje net oan<sup>19</sup>.

Efkes mear jowe Sytstra en Hof yn har *Friesche Spraakkunst* út 1925. Dêr lêst men: '*To*. Dit heeft, evenals het Duitsche *zer*, de kracht, om de vernietiging of door vernieling algeheele nutteloos-wording van het voorwerp, waarop de werking toegepast wordt te kennen te geven: *tobaerne, tobite, tobrekke*, enz.'<sup>20</sup>.

In foege biskriuwning fan de funksje fynt men ek yn it tydskrift *De Pompeblêdden* jg. 1928. Dêr stiet biskreaun: 'Njunken *forskoerre* ek *toskoerre*. It foarheaksel *to-* forsterket de bitsjutting fen it tiidwird (forl. it Dútske *zer*); men brûkt it fral om klam to lizzen op de skealike útwirking op it ding ef de saek dêr't it om giet, ek faek om oan to jaen, det it winlik neat mear wirdich is, byg. dy tafel is alhiel tofike, de blommen bin alhiel toreind, it aei is tokniesd'<sup>21</sup>. Yn jg. 1934, bls. 38 fan itselde tydskrift, wurdt ek noch de net yn in wurdboek opnommen foarm *toskeine* neamd.

Ek yn syn grammatika *Ta it Frysk dl. 2* út 1949 bliuwt P. Sipma de summiere kant neist; hy neamt *toknieze, tobarste, toskuorre, tofodzje, toskrasse, torane, tofykje, tobargje* en forwiist foar mear fbb. en de bitsjutting nei it *Wurdboek*<sup>22</sup>.

It Frysk-Ned. wurdboek dat de Fryske Akademy yn 1956 útjoech, lit de verbale ôfliedingen mei *to-* net oan krapperein komme. Bihalven dat it de list yn *Fr. Woordenboek* op in mannich nei oernimt, jowt it de folgjende oanfollingen: *tofalle, tofrommelje, togribbelje, toheisterje, tojeije, toknauwe, tokrommelje (-krûmelje), toljedderje, tomôgje, toraffelje, tosnipelje, tospjalte*<sup>23</sup>.

Dochs binne de mear of minder gongbere, nei 1800 oerlevere derivaten fan dit type hjirmei net opbrûkt. Yn it Akademy-materiael binne noch de folgjende foarbylden to finen, elk foar oar 'bilein' mei op syn minst ien sitaet:

*tobljerje*: 'Ferve t o b l i e r r e t oan 'e architraven'. D.A. Tamminga, Floedmerk, 12, 1965;

*togroeije*: '... âlde sleatten mei hjir en dêr krûm t o g r o e i d e útrûpele hagedoarnen'. R Brolsma, De Skarlûn, 13, 1929;

*toklongelje*: 'Is 't my net oplein, siz, him dy't myn kening/ Formoarde, dy't myn mem t o k l o n g ' l e, .../ Det him myn hân bitellet?' T.E. Holtrop, Hamlet, 104, 1925;

*toknobje*: 'Hja (= de beammen) nimme elkoars hân,/ T o k n o b b e en towaeid'. O. Postma, De ljochte ierde, 61, 1929;

*tokwytsje*: 'T o k w y t s j e is ... yet hwet oars as tofykje'. J.J. Hof, Swanneblommen 89, 1919;

*tolêze*: ' .. myn boek is al t o l ê z e n/ En toskûrd fen alderdom'. D.H. Zylstra, Swanneblommen, 60, jg. 1899;

*tonettelje*: '... ho slim as Worp fen Ropta him en syn famylje ek t o n e t t e l e hat, dy iene man hat krimp jown'. A.M. Wybenga, It Soenhûs, 10, 1937;

*topriemkje*: 'Freselik t o p r i e m k e n disse wirden it tearfielende herte fen Jeltsje'. G. Colmjon, Hwet de lieafde net dwaen kin, 19, 1862;

*toraffelje*: 'Wy (wirde) needsake dat to biachtsjen as in t o r a f f e l j e n fen de Broerrebân'. S.E. Wendelaer Bonga, Yn ús eigen tael, 108, jg. 1921;

*torame*: 'Skobberts, raesde 'r troch 't foarhûs en t o r a e m d e it brief'. R.P. Sybesma, Om it hiem, 64, 1930;

*toreupe*: 'Sûnde en skande as jou moaije lea t o r e u p t wurde'. Ypk fan der Fear, De Breugeman komt, 355, 1953;

*torite*: '... de keatlingen wieren fen him t o r i t e n'. G. Postma & P. de Clercq, Yn ús eigen tael, 124, 1912;

*toritse*: '... hy hie de keatlingen yn stikken litsen, en de boeijens t o - r i t s t '. S.K. Feitsma, Het Evangelie van Markus, 23, 1897;

*toskeine*: 'Syn mooie in rone heupen sill' te schoerre/ In hiel t e s c h e i n e'. R. Posthumus, As jiemme it lije meije, 29, 1842;

*tosmeule*: 'Stank en brânluft driuwe/ Troch it t o s m e u l d e hôf'. N.J. Haisma, De Tsjerne, 156, jg. 1946;

*tospatte*: 'Och, gûl net om dreamfantazije,/ Mar gûl om dyn eigen lot .../ Hwant as in kleurige bûle,/ Wurdt elts libben yn leed t o s p a t'. S. Kloosterman, De wylde fûgel, 73, 1952.

*tosplisse*: 'Nou bisteane der oeral yn dit geografysk, dialektysk en godstsjinstich tige t o s p l i s t e gebiet Retoromaenske forieningen'. J.H. Brouwer, De Weitsrop, 8, jg. 1933;

*tospringe*: 'Hja (= de weagen) gripe elkoar oan en t o s p r i n g e ta skom'. P.J. Troelstra, Rispinge, 111, 1909;

*tostjurje*: 'Glimkjend slommet it fjild, en stjerde flikkert en twinkelt/ Wytgjend fen winter en tiid det it wetter t o s t j u r r e t en boun wurdt'. D. Kalma, Forjit my net, 28, jg. 1915;

*totiizje*: 'Uwz spreack' wier neat az ijen t o - t i j z z e kleauwne,/ Ruwg, onbeschave, leck- in brecken-fol'. R. Posthumus, Hulde aan Gysbert Japiks I, 48, 1824.

As it der op wierret en de skriuwers sette har der foar, dan kinne ús mei *to*-prefigearre tiidwurden soms noch yn mear as ien bocht. Yn inkelde gefallen, al bliuwe it útsûnderingen, kinne ek refleksyf gebrûk, substantivearring en sels in aparte adjektivyske foarm nei foaren komme, sa't to sjen is oan de folgjende foarbylden:

a. refleksyf gebrûk:

*jin tobargje*: 'Dou moatst dy net sa t o b a r g j e '. Friesch Woordenboek, Nalezing, 1911;

*jin tofalle*: 'Hy het h i m danich t o f a l l e n '. W. Dykstra, De frymitseler fen Jinsensbûren, 187, 1870;

*jin tositte*: 'Dou kinst d y it gat wol t o s i t t e '. (folksmûle).

b. substantivearring troch oflieding (part.perf.+ suffix): *tobrutsenens*: 'Hiel de t o b r i t s e n e n s fen syn bistan seit er út yn dizze Sang fen Lok'. Y.R. Boarnstra, Waeksen ark, 103, 1945;

*tobrutsenheit*: 'It geastlike libben fen ús folk, syn kultuer en syn tradysje is in t o b r i t s e n h e i t '. F. Schurer, Yn ús eigen tael, 171, jg. 1932.

c. substantivearring troch ôflieding (praefix+stam grounw. + suffix):

*tobrokkeling*: 'T o b r o k k e l i n g fen de geslachten scoe allicht meibringe t o b r o k k e l i n g fen de boaze machten fen sûnde en divelske bitsjoening'. S.E. Wendelaer Bonga, Yn ús eigen tael, 200, jg. 1916.

d. adjektivyske ôflieding (praefix + praefix + stam grounw. + suffix):

*ûntobrekber*: 'It lânsbilang.... dêr't it wol en wea fen it hiele heitelân mei stiet yn û n t o b r e k b e r forbân'. D. Kalma, Frisia, 184, jg. 1921.

e. adjektivysk gebrûk fan fuortsettend mulwurd:

*toskuorrend*: 'Fjochtsje foar my tsjin dy t o s k u o r r e n d e dea'. G. Mulder, De Tsjerne, 238, jg. 1946.

Mei it foargeande is, tocht my, wol biwiisd dat dizze frucht fan Westgermaenske eker yn Fryslân noch net ta weismiten keard is en ek to goed is om wei. Dy frucht mei dan hwat topripte en toronfele wêze troch de gong fan de tiid, men kin net sizze dat der gjin lichem mear oan en gjin deugd mear yn sit.

*Ysbrechtum*

*D. A. Tamminga*

## N o a t e n

1. P. Sipma, *Ta it Frysk*, dl. II. Ljouwert 1949, p. 68.
2. A. van Loey, *Schönfeld's Historische grammatica van het Nederlands* (zesde druk). Zutphen 1959, p. 250 ff.; F. Kluge, *Etymologisches Wörterbuch der deutschen Sprache*. Berlin 1957, p. 882.
3. W.W. Skeat, *An Etymological Dictionary of the English Language*. Oxford 1958, p. 650 ff.
4. *Trübners Deutsches Wörterbuch*. Berlin 1957, p. 366.
5. E. Verwijs en J. Verdam, *Middelnederlandsch Woordenboek*, dl. 8. 's-Gravenhage 1916, p. 123.
6. *Woordenboek der Nederlandsche taal*, dl. 16. 's-Gravenhage-Leiden 1934, kol. 1110 ff.
7. G.H. Wanink, *Twents-Achterhoeks Woordenboek*. Zutphen 1948, p. 193.
8. K. ter Laan, *Nieuw Groninger Woordenboek*. Groningen-Djakarta 1952, p. 916.
9. Karl von Richthofen, *Altfriesisches Wörterbuch*. Göttingen 1840, p. 1088.
10. F. Holthausen, *Altfriesisches Wörterbuch*. Heidelberg 1925, p. 114.
11. W.L. Brandsma, *Het werkwoord bij Gysbert Japicx*. Assen 1936 (sj. by de grounwurden). *Sj. ek Chr. Stapelkamp, Aantekeningen op Gysbert Japicx' "Hijmmelsch Harpluwd"* (Estrikken, nr. XXVI). Grins 1958, p. 53 ff.
12. E. Epkema, *Woordenboek op de gedichten en verdere geschriften van Gysbert Japicx*. Leeuwarden 1824, p. 489 ff.
13. Ev. Wassenbergh, *Taalkundige bydragen tot den Frieschen tongval*, I. stuk. Leeuwarden-Franeker 1802, p. 120. It sil der op troch kinne om W.'s heal en heal stedfryske foarbylden as fortaeld Frysk to biskôgjen.
14. J.H. Halbertsma, *Aantekeningen op het vierde deel van den Spiegel Historiae van Jacop van Maerlant*. Deventer 1851, p. 142 ff.
15. J.H. Halbertsma, *Lexicon Frisicum A-FEER*, Hag. Com. 1872, o.o.p.
16. G. Colmjon, *Beknopte Friesche Spraakkunst voor den tegenwoordigen tijd*. Leeuwarden 1863.
17. Ph. van Blom, *Beknopte Friesche Spraakkunst voor den tegenwoordigen tijd*. Joure 1889, p. 123 ff.
18. Waling Dijkstra, *Friesch Woordenboek*, dl. 3. Leeuwarden 1911, p. 290.
19. P. Sipma, *Phonology and Grammar of Modern West Frisian*. Oxford 1913, p. 81.
20. O.H. Sytstra en J.J. Hof, *Nieuwe Friesche Spraakkunst*. Leeuwarden 1925, p. 131.
21. *De Pompeblêdden*. *Tydskrift for Fryske Stúdzje ûnder lieding fen S.R. Sipma*, jg. I. Snits 1928, p. 61.
22. P. Sipma, *Ta it Frysk*, dl. II. Ljouwert 1949, p. 68.
23. *Frysk Wurdboek*, dl. I, *Frysk-Nederlânsk*. Bolswert 1956, *passim*.